

De ferlerne soan komt thús

troch Jaap Krol

As de jonge walfiskfarder Sander Jepma yn de lêste roman fan Durk van der Ploeg, *De Hûnsdagen*, nei njoggen moanne wer thús komt, is er noch krekt op tiid om ôfskie te nimmen fan syn deasike heit. In walfiskjager en ielfisker lykwols, dat binne op 't each gjin praters. Wat der folget, is in perioade fan wachtsjen. Wachtsjen op it fersjerren fan heit, wachtsjen op in nij seisoen as walfiskfarder. Dizze tiid besiket Jepma him te fermeitsjen yn in wrâld dy't eins de sines net mear is: de Dongeradielen yn de earste helte fan de jierren fyftich. Foar in belêzen en rêsteleaze jongeman as Sander stiet alles dan ek yn it teken fan

ôfskie nimme. Ek syn moeting mei de sensuele en ûnôfhinklike Gonny Hovenga, wittenskiplik ûndersiker nei kikkerts, is der ien fan twa âld-klasgenoaten. Sa lit van der Ploeg ús de fierstes en wenkeamers fan Nijhusterpiip en fiere omkriten sjen. Eins wurde de eksoatyske en kâlde oarden fan de walfiskfarderij ynset om dit lânskip syn beladen foarm te jaan.

Men soe tinke kinne dat de ferfeling fan dizze hite dagen taslaan sil yn it ferhaal, mar dêr hoedet van der Ploeg ús wol foar. Syn skriuwwerke lit de neatdwaanery just hurd wurkje. Fytse, rinne, roeie, iel rikje - oeral krijt de ferfeling in namme troch de moeting mei ien. Wa't fuort sil, moat ommers noch fan

alles sizze. Pas nei in pear dagen, as heit en soan der wis fan binne dat se tegearre binne, fertelt heit Jepma oan syn soan in ernstich geheim oer syn rol yn de oarloch. Pas nei in pear dagen sille Sander en Gonny byinoar komme.

Sa is *De Hûnsdagen*, dat namers hiel bysûnder foarmjûn is, in ferhaal oer de moeting tusken dea en libben, tusken wêr't de wrâld begjint en wat achterlitten wurdt.

De relaasje tusken heit en soan is der ien, sa flak foar it fersjerren, fan yntime omgong. Heit, eartiidsk grut en sterk, is swak en kin him net mear rêde. Dat soan helpt heit oerein, soan regelt in bêd by it rût, soan jout heit smokerij. Yn dizze details is van der Ploeg op syn bêst. De soarch fan

de ien foar de oar binne de wurden dy't yn de heit-soan relaasje net útsprutsen wurde. Heit en soan passe hjir tegearre, se hiene nearne oars ek mar ien wurd tsjin inoar sizze kind. „God-jonge, wat ha ik in rotsoai opsmooft yn dy ferdomde oarloch,” seit heit; in prachtsin, útsprutsen troch in man mei longkanker.

Spitich is it dêrom dan ek dat de oare famyljeleden net mear binne as in namme. Noch spitiiger is it dat de heitfiguer te min útwurke wurdt. Hy bliuwt foar my in man fan (fersets)ferhalen. Sander herinneret him syn heit net genôch - en dat foar in jongeman dy't hast alle grutte skiuwers lêst en de pianospyltechnyk fan Mozart ûnderskiede kin fan dy fan Liszt. Ik krige wolris it idee

dat Sander Jepma net rêsteleas, mar bedoarn is, dat er in tûke jonge is dy't alle kânsen (lyseum, pianoles, korps), him jûn troch earne âlden, moedwillich ferprutst hât. Lit ik it oars sizze. De haadpersoan is tûke ûnderlein. Al dy ferwizings nei safolle ferneamde figueren, dat hie yn myn eagen hielendal net hoecht. Sa hat dizze yntrigearjende roman op in pear punten lekaazje. Om by de piano te bliuwen: de komposysje fan dit boek is te ôf, te rûn. It brekt de yntimiteit tusken heit en soan, tusken man en frou. De ferlerne soan komt ek in bytsje nèt thús.

De Hûnsdagen, Durk van der Ploeg, Stichting Bibliotheken Midden-Fryslân, 2006, Priis: 22,50 euro.